

Tsjil

Tema: wat is it hjir moai!



Jiergong 26 | nûmer 8 | juny 2023

Wetterwille

Ulebuorden

Lytse Gysbert Japicxpriis

Ynhâld

Kom fierder 3

Der op út 4

Sjoch my 5

Gedicht 6

Tsjek it out 7

Tsjilpost 8-9

Koart ferhaal 10-11

Yn 'e spotlights 12-13

Tsjille fragen 14-15

Tsjek dit 16-17

Efkes foarstelle 18

Puzelside 19

Jelte, Morris & Jamilla 20

5



7



18



Kolofon

Tsjil is in tydskrift foar bern fan de boppebou fan 'e basisskoalle

Haadredaksje tydskrift Tsjil:
Tjitske van Akker, Cedin

Opmaak:
Grafysk / Gerke A. Hofstra

Einredaksje:
Tsjomme Dijkstra

Foto foarkant:
Jacob van Essen, Hoge Noorden

Redaksje-adres:
Cedin
Lavendelheide 21
9202 PD Drachten

☎ 088 0200 300
✉ tsjil@cedin.nl
🌐 www.cedinonderwijs.nl/tsjil
ISSN: 1389-348X

Abonnemintsprizen 2022-2023:
Tsjil is fergees oan te freegjen fia
www.taalplan.frl/oanmelde

It tydskrift wurdt acht kear yn it jier
as klassespakket útjûn.

Abonneminten op Tsjil binne
troch rinnende abonneminten.
Opsizzen fan it abonnemint kin foar
1 juny fan it rinnende skoaljier.

TAALPLAN
FRYSK
2030

Wy ynvestearje mei Taalplan Frysk yn
de kwaliteit fan Frysk ûnderwiis op
alle skoallen en alle ûnderwiisnivo's.
Taalplan Frysk 2030 is in gearwurking
fan Afûk, Cedin, Fers, Keunstwurk,
NHL Stenden, Omrop Fryslân, Semko,
SFBO en de provinsje Fryslân.
www.taalplan.frl

Frysk, foar no en letter

Wat is it hjir moai!

No't de simmer deroan komt, makket elkenien plannen foar yn de fakânsje. Miskien silst útfanhûs, in dei of wykein der op út of langer op fakânsje. En fansels seis wiken gjin skoalle! Wy winskje dy alfêst in moaie simmer ta!

Witsto wol dat der in hiel soad minsken nei Fryslân komme yn de simmer? Fryslân is hartstikke hip! Dat sjochst ek yn dizze Tsjil werom. Yn Fryslân fynst romme greiden, pearse heide, sânflaktes, bosk, stêden en doarpen, marren, see en de waadeilannen. Kinst dus fan 't simmer alle dagen wol in oar fakânsjegefoel ha sûnder fier fuort te wêzen. Skriuwster Lida Dykstra wit ek hoe moai't it yn Fryslân is en hat der seis gouden boekjes oer skreaun. De aventoeren fan Sipke en syn pake binne yn it Frysk en yn it Nederlânsk te lêzen.

Wy hawwe dizze kear yn Tsjil in ynterview mei twa fammen fan It Amelân, wy swaaie Jurjen van der Meer út, Raynaud hat it yn Tsjil Tsjekt oer wetterwille en wy ha it oer de Fryske taal dy't hieltyd mear omtinken krijt. Sawol ynwenners as toeristen fine dat moai. En mei dy Fryske taal kinst ek prizen winne. Wolsto oan 'e slach mei dichtsjen? Tsjek dan side 14. Bist mear fan 'e muzyk? Let dan takom skoaljier goed op, dan is it wer tiid foar SJONG Junior! Komsto anst al yn de earste klasse? Dan kinsto yn de hjerst meidwaan oan de foardrachtswedstriid FeRstival. Freegje dyn dosint Frysk der nei of sjoch op www.ferstival.frl.

Der hat dit skoaljier in rekôr oantal bern meidien oan de puzels. Moai dat jim sa fanatyk binne en hooplik docht jimme skoalle nei de simmer ek wer mei!

Sukses mei de lêste skoalwiken en in soad lêswille tawinske.



Groetnis, Tjitske



De Bjirk

BJIRK

Nederlânsk:

Berk

Latyn:

Betula alba

Bjirken sjochst in soad yn bosken en op keale plakken, bygelyks op de heide. Werkenst se oan de wite bast op de stam. De beam kin sels it ljocht fan de sinne en moanne werom keatse. Der binne twa hiel bekende soarten yn Nederlân. Wy hawwe de rûge bjirk (betula pendula), ek wol silverbjirk neamd, en de sêfte Bjirk (betula pubescens). Dy lêste is wat lytser as de rûge bjirk en hat op de tûken en blêden lytse hierkes sadat sy dûnzich lykje. By de rûge bjirk barst de bast iepen en sjochst in soad tsjustere plakken.

Yn Fryslân binne de minsken, benammen yn de simmer, gek fan wetter. Bjirken binne ek gek op

Wurdlistke:
bast=schors
dûnzich=donzig
grif=waarschijnlijk
ieren=aderen
nimmen = niemand
ôfstjittend=afstotend
wûne=wond
stetoskoop=wurdt troch dokters brûkt om bygelyks nei de hert of longen te harkjen

wetter! Se hawwe in grut horizontaal woartelstelsel, krekt ûnder de grûn, en kinne dêrmei rap en maklik wetter opnimme. It bysûndere is dat de bjirk op twa manieren omgean kin mei wetter want syn bast is wetter ôfstjittend en waard/wurdt brûkt foar dakbedekking en boaten. De yndianen makken der sels skuon fan en de bast waard ek brûkt as papier om op te skriuwen.

Yn de maitiid kinst sels wetter ôftaapje fan de beam. Yn 'e folksgenêskeunst wurdt bjirkwetter al hiel lang brûkt om it lichem te reinigjen. Ek waard dit bjirkwetter brûkt om it hier moaier en better groeie te litten (freegje pake of beppe mar ris, dy wit grif noch dat de kapper eartiids bjirkwetter brûkte). Ast bûten oan it boartsjen of te kuierjen bist en toarst hast, dan soest bjirkwetter drinke kinne. Sykje dan in bjirk dy't leechhingjende tûken hat dêr'tst by kinst. Brek in tûkje ôf, of moaier is it om mei in mes of snoeiskjirre it tûkje skean ôf te snijen. Hâld de tûke omleech. Der komt nei in skoftke focht út de wûne drippen. Dat soest opfange kinne yn dyn mûle of yn in skjinn fleske. It is hiel helder fan kleur, it liket op wetter en priuwt in hiel lyts bytsje swietich. Ast de tûke loslitst, swypket er werom en de bjirk lit it tûkje dan ôfstjerre. Fansels dochst dit net samar, want it kostet de bjirk wol in soad enerzjy.

Wat ek hiel leuk is, is om nei de sopstream yn de bjirk te harkjen. Dat kin mei it ear tsjin de stam drukt of



mei in stetoskoop, mar ja, dy hat hast nimmen. Kinst de sopstream ek fiele mei de hannen. Lis de hannen op 'e stam earne yn 'e midden, dan fielst fan tsssjoeke, tsssjoeke. It liket wol wat op dyn hertsclach dy'tst yn dyn ieren fielst. De bjirk is sa moai dat sy de Jonkfrou fan 'e bosk neamd wurdt! Silsto har ek ris treffe?



Nadine en Lotte

In wykeintsje fuort of yn de simmer twa wiken op de camping. Do hast miskien wolris op ien fan de Waadeilannen west. Mar de eilannen binne ek it fêste wenplak fan in soad minsken. Sa ek fan Nadine en Lotte (11). Sy binne hikke en tein op It Amelân.

'Wy wenje al ús hiele libben yn Hollum', fertelt Lotte. Nadine en sy komme út famyljes fan echte Amelanners. 'Myn âlden hawwe hjir altyd wenne', seit Nadine. Lotte: 'Us mem komt fan de wâl, mar ús heit is in echte eilanner.'

Els Waadeilân hat syn eigen dialekt(en). Skylge hat der wol trije. Dat fan It Amelân wurdt noch it meast sprutsen, foaral ûnder jongerein. 'Broekzak is bygelyks bú's', fertelt Nadine. 'Ik praat wol in bytsje Amelânsk, mar net faak. Us pake en beppe prate it

wol.' Lotte har heit en beppe prate ek prate ek Amelânsk. 'It klinkt as Frysk.' Lotte en Nadine kenne inoar al sûnt groep 1 fan OBS De Schakel yn Hollum. 'Wy ha lytse klassen, mei sa'n 16 bern. Meardere groepen sitte byinoar. Dat fyn ik wol fijn. As de bern drok binne, bin ik bliid dat der net noch mear yn ús klasse sitte', laket Lotte. 'It is wol lekker rêstich', befêstiget Nadine. Bûten skoaltiid meie de froulju graach hynsteride. Nadine: 'Foaral yn de simmer en maitiid, oer it strân en troch de bosk. Dat fyn ik hearlik!' Ek Lotte is meardere kearen

yn de wike by har hynder *Blackie* te finen. 'It leafst ryd ik oer de heide en it strân.' De see is nea fier fuort en yn de simmer nimme Lotte en Nadine faak in dûk. Foar harren de normaalste saak fan de wrâld. Nadine: 'Dan sjogge wy nei de sinneûndergong. It Amelân hat de aldermoaiste, fyn ik!' Yn de simmer is it smoardrok mei toeristen op it eilân. Lotte: 'Dat is soms wol ferfelend. Sy ride hurd of fytse midden op it fytspaad.' Dan sykje de froulju in rêstiger stek op. 'Wy hawwe geheime plakken...' Nadine: 'Yn de winter hast it eilân gelokkich foar dysels.' As it stoarmet, kin der guod oanspiele. Dan gean eilanners der op út om te juten. 'Doe't it skip MSC Zoe konteners ferlear, lei it hiele strân hjir fol. Dat wie apart om te sjen', fertelt Lotte. 'Doe fûnen ús heit en ik allegear boartersguod, skuon en klean.' Takom jier sil it twatal nei de middelbere skoalle op It Amelân. Mar foar de stúdzje moatte sy nei de fêste wâl. 'Dat fyn ik wol spitich. It is hjir moai grien en do bist sa oeral', seit Lotte. 'Ik fyn it fierstente drok op it fêstelân. Oeral binne minsken', fertelt Nadine. 'Ik soe it eilân nea ynruilje wolle foar it fêstelân!'



De Berchein

Moarns geane de eagen fan de strjitte iepen
middeis komme de bern út skoalle werom
se ferstopje harren
oant om fiif oere de auto's komme.

Dan is it iterstiid
en de lytsten moatte op bêd
se raze de hiele strjitte bymekoar.

De buorman docht de muzyk lûder
it dreunt troch de muorren
de lantearnepeallen skodzje, dy brâne.

Dan de âldere bern
se moatte nei har sliepkeamers
tusken acht en njoggen,
mar de âlders hâlde de eagen iepen
oant middernacht.

Elbrich Ouderkerken





Elbrich wûn de Lytse Gysbert Japicxpriis 2021 mei har Fryske gedicht

It is wer safier! Alle Fryske skoalbern fan groep 7 en 8 kinne wer meidwaan oan de Frysktalige dichtwedstriid Lytse Gysbert Japicxpriis. Elbrich Ouderkerken (13 jier) út Boalsert wie yn 2021 de grutte winner mei har gedicht *De Berchein*.

Mei har klassegenoatsjes die Elbrich, doe't se yn groep 8 siet, mei oan de workshop Dichtsjen. 'De opdracht wie om in gedicht te skriuwen oer de strjitte dêr'tst wennest.' Elbrich wennet op De Berchein en dat waard dan ek de titel fan har gedicht.

Wat setst eins yn in gedicht? Elbrich seit dat it belangryk is om earst in ûnderwerp te kiezen. 'Myn gedicht giet oer bûten boartsjen mei myn buorfamkes. Oan de ein fan de middei komme minsken altyd mei de auto út it wurk thús.' Har gedicht lit sjen hoe't it is om ferskûlboartsje te dwaan as der

allegear auto's troch de strjitte ride. Thús praat Elbrich Frysk, mar gedichten skriuwe hie se noch nea dien. 'Ik haw it gedicht earst yn it Nederlânsk skreaun en dêrnei haw ik help krigen by it oersetten nei it Frysk.' Fansels kinst ek gewoan fuort yn it Frysk begjinne. En witsto dat in gedicht hielendal net hoecht te rymjen? Do bepaalst hielendal sels hoe't dyn gedicht der út komt te sjen en hoe't it klinkt.

Elbrich wie hiel bliid doe't se hearde dat se wûn hie. By de offisjele útrikking yn de Martinitsjerke yn Boalsert krige

se in oarkonde en in Gouden Fear. 'Ik stie mei in foto op de foarside fan it *Bolswards Nieuwsblad*. Dat wie hiel grappich, want myn broer besoerge dy krante.' By de priisútrikking mocht se har winnende gedicht ek foardrage foar sa'n 150 minsken. 'Ik hie in pear kear oefene, mar ik haw der by it foarlêzen foaral fan genoaten.'

Meidwaan oan de wedstriid?

Wolsto ek in Frysktalich gedicht skriuwe en de Gouden Fear winne? Leverje dan dyn gedicht noch yn o/m 3 july 2023! Hast noch wat help nedich? Miskien kinne wy dy wat tips jaan. Stjoer in mail nei educatie@tresoar.nl. Mear ynformaasje oer de wedstriid fynst op tresoar.nl/lytse-gysbert.

Wa wie Gysbert Japicx?

Gysbert Japicx (1603-1666) wie in dichter út Boalsert. Hy skreau Frysktalige gedichten. Dat die gjinien yn dy tiid. Gysbert is no noch altyd bekend. Troch him waard it Frysk ek in taal om gefoelens en emoasjes yn op te skriuwen. In hiel soad oare Friezen folgen syn foarbyld en begûnen ek te skriuwen yn it Frysk. Miskien sit der ek wol in Lytse Gysbert yn dy!



In ûleboerd

'Woow moastst ris sjen', ropt Ninke en se sjocht omheech. Wat is dat?!

Pytrik sjocht de fûgel ek.

'Ien, twa... en fuort', seit er en hy sjocht Ninke gutich oan.

'Wêr't dy no bedarre is?', freget Ninke har lûdop ôf. 'Of kinsto tsjoene (toveren) ?' freget se Pytrik ferwûndere.

'Kom mar mei', seit Pytrik. 'Ik sil it dy sjen litte.'

Tegearre rinne se de pleats yn. Op de heechste bynten yn de skuorre sit in ûle. Har swarte eagen folgje Pytrik en Ninke. 'It is in goudûle. Best bysûnder dat wy 'm sjogge, want hy fljocht meast as it skimerich wurdt. Wy ha in nêstkastke ophongen yn 'e nok', flústeret Pytrik, 'se hat al jongen, en healwei juny komt Gabe fan de fûgelwacht om se te ringjen.' 'Fet,' seit Ninke, 'dat wol ik ek wolris sjen!'*

De goudûle is troch it ûlegat de pleats ynflein. Op 'e pleats fan Pytrik stiet oan beide kanten fan de pleats, boppe-oan by it dak, ek in ûleboerd. In ûleboerd is in trijehoekich boerd dat de pleats tsjin rein en hurde wyn beskermet. Tusken it boerd en it dak sit romte foar de ûle. Oan de foarkant fan it boerd sjochst faak ek in gat, mar dat is no meast ôfsluten mei in roas of in krús. Yn Fryslân

neame we dat boerd in ûleboerd, yn Grins hjit it in oelbred en yn Drinte in oelnbret. Wy witte dat der al yn 1696 ûlebuorden wiene; der is in rekken fan in timmerman weromfûn dêr't hy kosten foar in ûleboerd oan de boer yn rekken bringt. De boer wie meastal mar wat bliid mei in ûle yn 'e pleats. Ulen fange in protte mûzen, dy't oars de opbringst fan it lân of it foer fan de kij opfrette. Meastal binne it stienûlen of goudûlen dy't pleatsen opsykje om te brieden. Yn Fryslân komme seis ferskillende typen ûlebuorden foar. Hoe súdliker de provinsje yn, hoe mear't se fersierd binne. De foarm fan it ûleboerd ferskilt per streek. Allinne de eardere gemeente Hinnaarderadiel - om Wommels hinne - hie in eigen boerd.

It boerd bestiet út twa parten. Yn 'e midden in fersierde balke dy't in makeler neamd wurdt. Oan wjerskanten by de Fryske ûlebuorden sit in knobbelswan mei in kromme hals. Eartiids mocht net elkenien swannen hâlde, dêrfoar moast men tastimming krije fan de lienhear. Allinnich rike boeren of minsken fan adel krigen it rjocht om swannen te hâlden yn de grêften om it hûs hinne. De swannen wiene dus eins in statussymboal: 'Sjoch my ris, hoe

ryk ik bin!' Letter wiene de swannen in symboal foar trou en leafde. De minsken fûnen it moaie fûgels! De fersiersels hawwe allegearre in betsjutting. De bewenners woene dêrmei it ûnheil tsjinhâlde. Us fiere foarâlden leauden yn tsjoenderij (tovenarij), en yn kweade geasten. Mei ôfbyldingen smeken se om help fan boppenatuerlike krêften om it ûnheil bûten de doar te hâlden. Sa giet it fansels al iuwen; in protte fan wat wy net begripe, skriuwe wy ta oan boppenatuerlike krêften.

Dan giet de mobyl.

'Hé hoi', seit Pytrik as hy 'm opnimt. Pytrik knikt, humt wat, en as it telefoanpetear ta in ein kommen is, glimkje syn eagen. Ninke sjocht him freeggiend oan.

'Dat wie Gabe', seit er.

'Ik snap der neat fan', suchtet Ninke. 'Ik tink dat Gabe ek boppenatuerlike krêften hat, of hy komt fan Mars. Hoe kin hy no krekt belje as wy jim goudûle besjogge?' Pytrik moat laitsje. 'Draai dy mar ris om', seit er. 'Sjochst dy man by de hikke stean? Mei syn fierrekiker hâldt hy net allinne de fûgels yn 'e gaten, mar ús ek!'

** goudûle of tsjerkûle.*

Fragen nei it lêzen

1 Ninke en Pytrik sjogge in goudûle fleanen yn de skuorre. Wêrom is dat, neffens de tekst, sa bysûnder?

2 Hoe hjit de fersierde balke yn 'e midden fan in ûleboerd?

- pylder
- bynt
- makeler

3 Hoe hjit in ûleboerd yn de provinsje Grinslân?

- oelebord
- oelbred
- oelnbred

4 Wêrom is in boer wiis mei in ûle yn syn skuorre?

5 Hjoed-de-dei wurde nije ûlebuorden net allinnich fan hout makke mar ek wol fan keunststof. Ek hawwe boeren eigen winksen en is it dus net allinnich mear de streek dy't bepaalt hoe't dyn ûleboerd der útsjocht. Op it kaartsje hjirûnder sjochst hoe't de ûlebuorden eartiids (vroeger) per regio ferskilden. Yn hokker regio hearre de ûleboarden op de foto's?

1. De Bouhoeke (in lange slanke makeler)
2. Westergo (de swannen hawwe in halslint)
3. Hinnaarderadiel (in 'mantsje' op 'e makelder)
4. Midden-Fryslân (palmtûken of kuorren op 'e makeler)
5. De Wâlden (in kelkje (tulpfoarm) op 'e makeler)
6. De Súdwesthoeke (in 'harp' yn 'e makeler en in fûgeltsje yn it fleangat)



Foto 1:

Foto 2:



Foarsichtich triuwt Yfke de houten doar fan de Steateseal iepen. Se stekt har holle om it hoekje. As se net ien sjocht, rint se fierder. Har fuotstappen wurde dimpt troch it tsjokke, reade tapyt. Se doart hast net te sykheljen, sa moai fynt se alles om har hinne. It plafond hinget fol buorden mei famyljewapens. De brânskildere ruten toverje kleurde flekken op de houten banken en flier.

Foaryn stiet in rige stuollen. De measte binne brún, mar ien is grutter en kleuriger. Dat liket hast wol in troan. 'Kin ik dy helpe?', klinkt in stim fan de sydkant. Fan skrik lit Yfke har feltsje papier út 'e hannen falle. Se grabbelet it wer fan 'e flier.

'Sorry, ik wist net dat der ien wie. Eh... Ik bin Yfke. Ik wenje hjir flakby. Moarn hâld ik hjir in sprekbeurt oer dizze Steateseal. Ik die in pear moannen lyn mei oan it Lyts Frysk Diktee. Dat wie hjir yn it Provinsjehûs. En doe fûn ik dizze seal sa moai. Krekt in paleis. Dêrom hat ús mem belle mei de provinsje. En no komt moarn dus myn hiele groep 8. En ik mei fertelle. Mar omdat ik nochal senuwachtich bin... woe ik graach efkes oefenje. Fan de portier mocht it. Mar as it fan jo net mei, bin ik sa wer fuort hear.' Se draait har al om. 'Gjin probleem,' seit de man freonlik. 'Oer in healoere begjint de gearkomste pas. Mar no binne de leden fan de

Provinsjale Steaten der noch net. Ik siet efkes wat stikken te lêzen. Wat silst moarn krekt fertelle?'

Yfke stekt har A4-ke fol oantekeningen omheech. 'Ik ha in hiel soad googele. Oer hoe âld dit gebou is, en wat alle skilderingen betsjutte. Wisten jo dat dy acht skildere mefrouwen boppeyn allegear in deugd foarstelle? Hoop, moed en wierheid en sa?'

De man knikt. 'Dat is in boadskip oan de Steateleden, dat se har wurk goed dwaan moatte', seit er. 'Dan wilst tink ek wol watfoar fjouwer ferhalen derûnder steane?'

Yfke knikt optein. 'Dy fyn ik it moaist. Se ha allegear mei Fryske skiednis te meitsjen. Oft it allegear wier bard is, is trouwens net seker. Sommige binne mar leginden.

Op de linker steane Verritus en Malorix. Dat wiene twa Fryske keningen yn it jier 54. Fryslân wie doe folle grutter as no. It folk fan 'e keningen hie griente ferboud by de rivier de Ryn. Mar de Romeinske soldaten seine dat dat Romeinske grûn wie. Doe besleaten Verritus en Malorix hielendal nei Rome te reizgjen, om keizer Nero sels om tastimming te freegjen.'

'En holp keizer Nero de twa keningen?', freget de man.

Yfke skodhollet. 'Se krigen wol in rûnlieding by in stel yndrukwekkende gebouwen del, mar doe sei Nero: "Opsokkebalje út de Rynstreek, Friezen." En doe't se dat net diene, waarden se mei geweld fuortjage.'

'Sneue bak!', seit de man.

Omdat it fertellen har sa goed ôfgiet, kriget Yfke der suver aardichheid oan. 'Op dat twadde skilderij stiet biskop Bonifatius. Mei him rûn it ek net sa goed ôf. Hy wie yn it jier 735 al foar de tredde kear yn Fryslân om de heidenske Friezen te bekearen. Hy woe dat se roomsk-katolyk waarden. In hiel leger hie er



Op tsjiltsjes

meinommen. Allegear mannen mei wapens. Mar ek iten, tinten, kostbere boeken en foarwerpen om yndruk mei te meitsjen. Underweis liet er heidenske timpels en bylden ferniele. In ploech Friezen hie dêrom it smoar yn. By Dokkum waard it oarloch. Bonifatius en in soad fan syn folgelingen koene it net neifertelle. Wolle jo it tredde ferhaal ek hearre?’

De man sjocht op syn horloazje. ‘Dat kin noch wol efkes’, seit er.

‘Dy mannen rjochts binne de Fryske eal mannen – Yfke spykt efkes op it ûnderskrift – Eelko Liauckama en Feiko Botnia. Se sitte op ‘e knibbels om’t se ta ridder slein wurde troch Godfried van Bouillon, omdat se sa goed meifochten ha yn de Earste Krústocht, by de ferovering fan Jeruzalem. Neffens dat jiertal MIC wie dat yn it jier 1099.

‘Wol in soad oarloch yn ús Fryske skiednis’, fynt de man.

‘En dan de lêste ek mar efkes?’, freget Yfke.

‘Brân mar los’, seit de man.

‘Gemme van Burmania,’ seit Yfke. ‘Dy ferpofte it dan wer om op ‘e knibbels te gean. Sels net foar de Spaanske kening Filips II, doe’t dy beneamd waard ta hear fan de Nederlannen. “Wy Friezen knibbelje allinnich foar God,” sei er. It wie yn 1555.’

De man prúst it út. ‘Ferpofte it? Dy koe ik noch net.’

Yfke moat ek laitsje. ‘Hy ferpofte it yn

syn pofbroek! Sa, no binne wy klear.’

‘Ik fûn it hiel ynteressant, Yfke’, seit de man. ‘Hâldst moarn in prima sprekbeurt, dat kin net oars. Ik bin hielendal ûnder de yndruk fan dyn kennis fan Fryske skiednis.’

Yfke knikt bliid. As se by de grutte stoel delrint, aait se de borduerde liuwen efkes. ‘Dit is tink de stoel fan de baas fan Fryslân?’, freget se.

‘Kloppet’, seit de man. ‘Dêr sit de kommissaris fan de Kening mei de gearkomsten. Wolst dy stoel soms efkes útprobearje?’

‘Mei dat wol?’, freget Yfke.

‘Ei jawol juh, dat fynt er net slim’, seit de man. Hy skoot de troan op tsjiltsjes wat nei achteren.

‘Kenne jo dy kommissaris sels?’ Yfke nestelet har ris breedút yn ‘e stoel. Se hipt ris op en del. Hy fearret lekker! ‘Al sûnt er in lyts jonkje wie’, seit de man. ‘Is er aardich?’

‘Hy docht syn bêst.’

Op dat stuit komme der twa froulju drok pratend de seal yn. Se geane neistinoar yn in houten bank sitten. De man seit: ‘Wat tinkst, bist klear?’

‘Hielendal!’, seit Yfke.

‘Gjin senuwen mear foar moarn?’

‘Nee, dit hat echt holpen. Tankewol dat ik hjir oefenje mocht. Ik fyn it hjir echt sá moai.’

De man knikt har freonlik ta. ‘Miskien wurdst letter wol Steatelid.’

‘Ik hoopje eins astronaut’, seit Yfke.

‘Ek net gek’, laket de man. ‘Sis, rin op dyn wei nei bûten mar efkes by de konsjerzje del. Sis mar dat dyn groep moarn nei ôfrin in glêns ranja en in stikje oranjekoeke ha moat. Dat de CdK dat sein hat. Dan komt it wol klear.’




Nei it lêzen

Wolst ek witte hoe't de Steateseal fan it Provinsjehûs yn Ljouwert der útsjocht?

Fia de link <https://www.fryslan.frl/virtuele-tour-statenzaal> kinst him firtueel besjen. Dan is it krekt oftst meirinst mei Yfke har rûnlieding.



Yn 'e spotlights



Master Jurjen van der Meer

Yn dizze Tsjil sette wy master Jurjen van der Meer yn de spotlights. Jurjen is in tûzenpoat as it giet om it skriuwen fan gedichten en ferskes, hy makket fan alles, fan muzyk oant einekuorren, is graach yn de tún of op it wetter én hy wie master op 'e Jouwer. Foardat Tsjil bestie, wie Jurjen haadredakteur fan Tsjek en Switsj. Jurjen skriuwt foar Tsjil noch altyd de side 'eefkes foarstelle' en hy makket de puzelside. Om't Jurjen safolle hobby's hat en 66 jier wurdt, fynt hy it tiid om op te hâlden as fêste skriuwer.

Yn 1979 kaam Jurjen fan de Pedagogyske Akademy (de oplieding om master te wurden). Hy wie noch jong en koe earst noch in jier syn jild fertsjinje mei it fangen en ferkeapjen fan fisk. Hearlik fûn er dat. In part fan de dei op it wetter en jûns op 'e tiid it iten klear foar as syn frou Dieuwke thúskaam fan har wurk. Nei dat jier koe Jurjen oan it wurk as master op de E.A. Borgerskoalle op 'e Jouwer. Dêr hat er in jier west en dêrnei koe er nei it Haskerfjild, ek op 'e Jouwer.

As Jurjen der no op weromsjocht, is dy tiid as master foarby flein want lang om let hat hy fjirtich jier foar de klasse stien. Net fiif dagen yn 'e wike, want dêrfoar hie Jurjen fierstente folle oare projekten by de ein.

Master Jurjen wie altyd gek op muzyk en fansels stie der in gitaar yn syn klasse. Bern dy't by him yn 'e klasse sitten ha, kinne hiel wat klassikers út de popmuzyk meisjonge.

Yn 1993 stie 'syn' skoalle yn de brân. It wie de earste wike fan de simmer-fakânsje en it wie fansels in grutte skok! Mei de brânwacht hat hy noch in pear mappen mei lessen en ferskes rêden kind mar fierder wie alles ferlern. Nei

de simmer woe de skoalle, op in tydlike lokaasje, fleurich begjinne. Dêrom hawwe Jurjen en syn kollega Hans Wempe doe it liet *Hé hé, Haskerfjild* skreaun. Om't it sa bysûnder wie dat de bern nei de brân yn de fakânsje dochs wer nei skoalle koene en sy dat sa feestlik fierden, kaam hjir in soad parse op ôf. Yn it jier nei de brân wie der jild nedich om nije boeken te keapjen en dêrom is it skoalliet, mei trettjin oare nûmers, op cd útbrocht. In grut feest want mei in pear kollega's en âlders fan de skoalle waard in band gearstald en alle groepen mochten in nûmer ynsjonge. Mei de opbringst fan de cd ferkeap koene de juffen en masters nije boeken keapje. Jurjen en Hans hawwe dit projekt ek op oare skoallen útfierd mei in mobile studio.

Neist it meitsjen fan berneferskes waard der ek muzyk makke foar en mei folwoeksenen. Der binne troch Jurjen en Hans in soad gesellige jûnen mei iten, drinken en muzyk organisearre yn de Klokkestoel fan Goingaryp en yn de Kameleonbuorkerij fan Terherne. Miskien hawwe jimme wolris heard fan sjongers as Adri de Boer of Piter Wilkens. Ek foar harrren hat Jurjen ferskes en

teksten skreaun. Jurjen en Hans trede sels ek noch hieltyd op, as muzikaal duo. Yn de tiid dat Jurjen master wie, skreau hy ek gedichten foar de krante en rôle hy fan it ien yn it oar. Hy skreau en skriuwt noch altyd yn opdracht en kin dat hiel flot. Sa wie Jurjen belutsen by skoalle tv- en radio programma's fan Omrop Fryslân, de ûntwikkeling fan de Fryske metoade Studio F en stiet syn namme ûnder in soad ferskes fan Tomke. Om't Jurjen syn gedichten oer it algemien maklik lêsbere binne en goed yn it gehoar lizze, wurde syn gedichten ek brûkt by Festival. Dat is in foardrachtswedstriid foar tolve oant achttjin jier. Foar in rige lêsboekjes foar begjinnende Fryske lêzers hat Jurjen in oantal berneboekjes skreaun. Ek dat wie in moaie útdaging.

Jurjen sil wol nea ophâlde mei skriuwen mar hy mei ek graach mei Dieuwke op fakânsje gean, oppasse op de pakesizzers, wurkje yn de tún, einekuorren meitsje, fiskje en gean sa mar troch. Jurjen sil dêrom foar 'Tsjil' mei pensjoen. De puzelpagina sil der takom jier wat oars útsjen en foar de bisten fan 'eefkes foarstelle' komt sa no en dan in oare rubryk yn 't plak.

Jurjen, Tige Tank!!



PASPOART

Namme:

Jurjen van der Meer

Wenplak:

Terkaple

Troud mei:

Dieuwke

Heit fan:

in soan en in dochter en pake fan fiif bernsbarn



It is alwer de moaie tiid fan it jier: simmer! En mei de simmer is it ek wer tiid foar wetter. Net allinne om wat ekstra fan te drinken, mar ek om wille mei te hawwen troch der yn te swimmen of mei de boat te farren. De lêste Tsjil Tsjekt fan dit jier giet dan ek oer wetterwille. Wat soe Raynaud dêrfan fine?



1 Wat hasto mei wetter?



'Yn de simmer is der ien plak dêr'tst my it meast sjochst: mei de boat op it wetter. Dus ja, ik haw seker wat mei wetter! Ik bin op it stuit in nije boat oan it bouwen en ik hoopje dat dy dizze simmer it wetter yn kin. No, dan witte jim wol wêr't jim my fine kinne dizze simmer!'

2 En wat hat Tjits mei wetterwille?

'Eins itselde as wat ik mei wetter haw, boatsje farre yn 'e simmer! Tjits hat bygelyks ôfrûne simmer ek mei har boat op fakânsje west. Op har YouTube-kanaal jout se in koarte rûnlieding troch de boat en pfoe, dat sjocht der mar top út! Ik wit net of Tjits har fakânsjeplannen al rûn hat, mar wa wit tref ik har ek wol op ús Fryske marren!'



3 Watfoar wetterwille sit der yn Tsjil Tsjekt?



'We fertelle dat it hielendal net fanselsprekkend is dat elkenien in swimdiploma hat, Gaiske freget har ôf hoe skjin it bûtenwetter is en yn Tsjil International hat Jennifer kontakt mei Albanië dêr't Bauke sjen lit hoe't it wetter dêr filtere wurdt. En fierder gewoan in hiel soad leuks oer wetterwille!'

4 Is der noch mear wille te dielen fan it Tsjil-front?



'We hawwe wat nijs! Tsjil hat nammentlik krektlyn de Tsjilste podcast lansearre. In podcast mei dêryn altyd ien ûnderwerp dêr't wy it oer hawwe. Ik mocht foar de podcast te reedriden en Jennifer hat taarten bakt. No, as dat net in hearlike podcast wurdt!? De podcast is te hearren op YouTube!'

5 Wolst fierder noch wat kwyt?



'Ja! Prachtich moai nijs oer SjONG junior. It programma SjONG junior hat nammentlik in hiele belangrike priis wûn. Takom jier is der wer in nije edysje fan SjONG junior dus as jim mei de klasse ek meidwaan wolle oan dit te gekke projekt, dan soe ik jim juf of master mar fêst efkes oan it jaske lûke.'

Folgje Tsjil fia TikTok, Instagram en YouTube én doch mei oan Tsjil Tsjekt!

Tsjek dit!

Toeristen út Nederlân en it bûtenlân



Toeristen yn Fryslân komme út ús eigen lân, mar ek út it bûtenlân. Sa'n 80% is Nederlanner. En dus 20% is bûtenlanner. Fan dy groep bûtenlânske gasten komt 71% út Dútslân, 13% út België en 3% út it Feriene Keninkryk (Ingelân). Dan noch lytse groepen út ûnder oaren Frankryk, Italië, Spanje en Sweden. Sjoch mar ris in pear filmkes fan Simmer yn Fryslân (Omrop Fryslân):



Toerisme yn Fryslân

De simmerfakânsje komt der oan. De simmers binne toptiden foar it toerisme yn Fryslân. De measte toeristen sille nei de Waadeilannen, mar ek it Fryske marregebiet is populêr.

It tal toeristen yn Fryslân wikselte fan jier oant jier. Nei alle gedachten komme hjir elk jier sa'n 1.700.000-1.800.000 toeristen dy't hjir ien of mear nachten slipe. Yn 2021 wiene der 1.762.000 gasten dy't opteld goed wiene foar 6.223.000 nachten slipe. Dêr binne de minsken dy't mei campers en boatsjes troch de provinsje gongen net yn meinommen.



De Waadsee: seehûnen en soms hiel spesjale!



Gewoanlik sjochst yn de Waadsee en Noardsee twa soarten seehûnen: de gewoane seehûn en de grize seehûn. Dizze maitiid wie der op Flylân in wol hiel bysûndere seehûnesoarte op it strân: in jong fan de klampûtse mei syn mem. Dizze seehûnesoarte libbet gewoanlik meast yn it noardlike poalgebiet. Se wurde hjir dus net sa faak sjoen. De mem fan de klampûtse soarget hiel koart foar it jong; mar sa'n fjouwer dagen. Dan moat it jong himsels rêde kinne.



Om ideeën te krijen... Visit Fryslân



Hoechst dy dizze simmer net te ferfelen. Op de website fan Visit Fryslân kinst in soad moaie rûtes fine ast der op út wolst: ruterpaden, kanorûtes, farrûtes, kuierrûtes, fyts- of autorûtes. Mar fynst ek ynformaasje oer aktiviteiten. Kinst ek gewoan eefkes sjen oft dyn eigen favorite plak yn Fryslân ek te finen is op dizze webside.



Filmke Fryslân dik 100 jier lyn

In skitterjend filmke fan noch gjin tsien minuten mei filmbylden út Fryslân yn 1921. It aardige is dat de bylden ynkleure binne. Sa krijst in hiel nijsgjirrich byld fan provinsje en minsken mear as 100 jier lyn!



Wettersport




Fryslân leit fol mei prachtige wettersportgebieten: marren, kanalen, fearten, petgatten. Ien fan dy moaie gebieten is Nasjonaal Park De Alde Feanen by Earnewâld. In geweldich plak foar minsken dy't fan wetter en natuer hâlde. Hearlik om te dwaan yn de simmerfakânsje.

In pear jier lyn ha se in hiel aardich filmke makke oer De Alde Feanen. Tsjek de qr-koades foar dit filmke (blau) of de webside (grien) fan de Alde Feanen.



Aksje fytshelmen: Fryslân set 'm op



Fryslân zet 'm op

Als iedere Nederlander een fietshelm draagt, zijn er naar schatting 85 verkeersdoden en 2500 tot 2600 ernstige verkeersgewonden minder per jaar. Samen zetten we 'm op. Jij toch ook?

Kortingsactief

Der op út mei de fyts. Foar hieltyd mear minsken betsjut dat ek in fytshelm op. It lêste jier ha der tûzenen minsken yn Fryslân in fytshelm kocht. De provinsje Fryslân hat twa kear in aksje hâlden mei in koarting fan 25 euro per helm foar minsken boppe de 55 jier. De lêste kear wie de koarting foar maksimaal 1000 helmen yn in dikke dei op. Dat wylst de aksje in moanne duorje soe! Mei in fytshelm op is de kâns op slimme ferwûnings oan harsens en holle by in ûngemak in stik lytser. Ek foar jongerein is in helm fansels dêrom belangryk. Wa fan jimme brûkt der al ien?



Oldtimers: auto's, frachtweinen, trekkers en motoaren



Sjochst geregeld in moaie oldtimer troch it Fryske lân riden: âlde auto's, frachtweinen, trekkers en motoaren. Dat kinne minsken wêze fan bygelyks de Klassieker Club Fryslân, de Fryske Oldtimer Club, of fan De Oude Trekker en Motoren Vereniging (OTMV). Ek sjochst geregeld de militêre weinen fan Keep Them Rolling (KTR).



Typysk Fryske bisten

It Fryske molkskiep

Skiep wenje al hiel lang by de minsken. Troch it fokken kamen der ferskillende soarten skiep. Yn guon lannen woene se skiep mei in soad wol. Yn oare lannen skiep mei in soad fleis. Yn Fryslân woene se in skiep ha dat in protte molke joech. Want Friezen ite net in protte skieppfleis, mar wol skieppetsiis. Sa ûntstie it Fryske molkskiep. Net in skiep op 'e wrâld jout sa'n soad molke as dit skiep. Ek foar it Fryske molkskiep bestiet in stamboek.



De wetterhûn en de stabij

De wetterhûn heart ek echt by Fryslân. Hy is ek it leafste bûtendoar. Syn koer hoecht net yn 'e keamer te stean. It is him dêr fierste waarm. Jou him mar in hok op in grut hiem. De wetterhûn mei graach swimme. Syn dikke facht fielt fet oan. Nei it swimmen is er samar wer drûch.

De stabij is ek in echte Fryske hûn, mar hy is wat lytser as de wetterhûn. Stabij en wetterhûn kinne wol tegearre jongen krije. Dan krijst in krusing tusken beide rassen. Tsjintwurdich wolle de minsken dat leaver net. De wetterhûn en de stabij binne ferskillende rassen.



De Fryske hin

De Fryske hin stiet noch hiel ticht by de natoer. Hinnen binne sterk en kinne goed oer de kjeld en reinwetter. Se rinne ek it leafste bûtendoar. De Fryske hin is net brún of wyt, mar moai stippele. Se hat in protte kleuren en in grutte kaam op 'e kop. De eagen binne oranje-read en de poaten blau. Minsken hâlde de Fryske hin net foar de aaien, mar mear as hobby.



Sudoku

8	7			5	2	4			
	4				1	5	7		
1			3					9	
		9			7				
5		8		9		7	3	2	
	2		5	3				1	6
	9	1		4		6	8		
4	5			8	9	3		7	
		7			5				



Hynstesprong

De hynstesprong komt út 'e skaaksport. Dêr mei it hynder twa foarút en dêrnei ien nei links of rjochts springe. Yn dizze puzel stiet dit jier de namme fan in berop. In berop mei njoggen letters. De namme fan it berop begjint mei de reade letter. De lêste letter stiet yn it middelste fakje. Mei de hynstesprong kinst de oplossing fine. Mail de oplossing nei tsjil@cedin.nl

R	A	M
A	N	A
M	E	K

Trochstreekpuzel

Yn dizze Tsjil in puzel oer griente en fruit. Lekker en sûn. De letters dy 't oerbliuwe foarmje de namme fan in wat aparte griente. Skriuw dit wurd yn in e-mail en stjoer dy **foar de simmerfakânsje** nei tsjil@cedin.nl. Skriuw dúdlik dyn namme, groep en skoalle yn it e-mailsje.

Sukses!

S	N	O	E	P	T	O	M	A	A	T	S	J	E	S	
A	M	A	N	D	A	R	Y	N	L	E	P	P	A	W	
U	E	J	V	Y	D	N	A	B	A	N	A	A	N	I	
B	K	O	M	K	O	M	M	E	R	W	P	S	P	N	
E	Y	S	E	J	Z	R	E	P	S	A	O	I	E	T	
R	S	J	A	M	P	I	N	J	O	N	M	P	T	E	
Z	O	N	E	I	E	B	D	R	E	I	P	E	E	R	
J	L	K	S	E	L	D	E	R	I	J	T	O	L	R	W
I	I	I	L	S	L	E	P	R	I	J	E	N	S	O	
N	I	W	P	R	E	I	F	Ú	R	D	N	E	E	A	
E	F	Y	S	I	T	R	O	E	N	M	O	O	E	R	
S	P	I	N	A	A	Z	J	E	F	A	R	L	L	T	
S	R	E	K	R	E	T	T	E	W	I	A	E	J	E	
R	A	D	Y	S	D	A	A	L	S	S	P	M	E	L	

- | | | | |
|-------------|-----------|---------------|-----------------|
| Andyvje | Jirpels | Par | Sipel |
| Appel | Kiwy | Peterseelje | Sitroen |
| Asperzjes | Komkommer | Pompoen | Sjampinjon |
| Aubertzjine | Mais | Prei | Snoeptomaatsjes |
| Banaan | Mandaryn | Winterwoartel | Slaad |
| Drúf | Meloen | Radys | Spinaazje |
| Ierdbeien | Oliif | Selderij | Wetterkers |



De priiswinner fan de lêste puzel is:

Hedwig Kloosterman út Groep 7 fan doarpsskoalle de Twa-ikker út Stiensgea. Fan herte lokwinske Hedwig!

De oplossing fan de trochstreekpuzel wie **SINNEBLOMMEN** en út de hynstesprong kaam **BALLERINA**.

Jelte Morris & Jamilla

troch Peter Moorman

OERAL THÛS MAR THÛS IT BÊSTE

